

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Hoogland, Fokkens Underwerp: Bestriding Jabikskrúswartel en Stikels
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>De Jabikskrúswartel (Sint Jacobskruiskruid) is in plant mei giftige stoffen dy't gefaarlik wêze kinne foar melkfee en hynders. Dizze bisten kinne nei it iten fan Jabikskrûd siik wurde of sels komme te ferstjerren. Der hawwe troch de jierren hinne ferskate ynsidinten west, benammen mei hynders, dy't laat hawwe ta publike aksje en it belûken fan de polityk.</p> <p>Yn 2007 is troch in steatebreed stipe inisjatyfútstel in feroardering fêststeld oer de Jabikskrúswartel. Der is doe in pakket maatregels ôfpraat om de plant te bestriden. Ek is der al hiel lang in provinsjale stikelferoardering om de fersprieding fan Stikels (Distel) út bygelyks bermen nei lânbouperselen te beheinen.</p> <p>De wurking fan de feroarderingen is foar it lêst evaluearre yn de Steatekommisje Lan Loft en Wetter fan 8 septimber 2010.</p> <p>No (simmer 2019) krijt de FNP op'e nij sinjalen fan lâneigners en fee – en hynstehâlders dat de fersprieding fan Jabikskrúswartel en Stikels ûnder oaren út provinsjale bermen en perselen wei op'e nij eskalearret.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Wannear hat de provinsje nei 2010 foar it lêst de wurking evaluearre, yntern of mei de oare belutsen partijen, fan de Feroardering Jabikskrúskrûd 2007 en fan de Stikelferoardering?2. Hoefolle klachten binne der per jier sûnt de evaluaasje yn PS fan 2010 binnen kaam oer de fersprieding dan wol bestriding fan dizze skealike planten?3. Wat docht de Provinsje aktueel yn it deistige behear fan wegen en bermen oan de bestriding fan Jabikskrúswartel en Stikels ?4. Sjocht it Kolleezje op basis fan meldingen en klachten reden om de 'sliepende' feroarderingen op'e nij te aktivearjen? Graach jo argumintaasje wêrom wol of net?

Yntsjinner(s)

(fraksje / namme / hântekening)

FNP, Wopke Veenstra

Datum

16 july 2019

